

Simmerpreek

In waarme simmer, sneintemiddei. Ik siet foarop de kreake yn de tsjerke fan Toppenhuzen by in Fryske tsjinst. Dy simmer siet ik foar in dreech eksamen, wie troch de wike yn Utert en guon wykeinen thús. Wy wennen tusken Snits en Toppenhuzen yn. Mei waarm waar koe ik thús oerdei yn it skaad en jûns, as it ôfkuolle, it bêste leare. Sneins wie ik dan oan útsliepen ta en middeis yn Toppenhuzen nei tsjerke. In Fryske tsjinst wie in oantrún ekstra, dat leaver as in steatlike tsjinst yn de grutte Martinitsjerke yn Snits.

By de bibellêzing wie it al dúdlik, dat dûmny it oer de gelikenis fan de wynboer en syn folk ha woe. Dat kloppe, mar hy woe dy situaasje dúdlik meitsje troch him te ferpleatsen nei in boer yn it leechlân dy't yn 'e ûngetiid wie yn it bûtlân. Dûmny wist wêr 't er it oer hie, hy skildere de nuodlikens fan bûtlân: je koenen dêr allinne goed kúlje of heawinne mei fêst waarm waar en mei in hege wetterstân yn de mar waard dat ek neat.

De boer yn de preek hie in grut stik bûtlân meand. It hea lei noch yn it swee, mar no soe er tapakke. It waarglêse sei, dat der in rige waarme simmerdagen komme soe.

Dus de earste moarns mei alle te besetten folk nei it bûtlân ta. De sweeën keare, dat wyn en sinne der in dei mei boartsje koenen, dan yn 'e wurdze swylje. En sa gau as it koe de wurdzen omsette yn oppers of yn'e reak en dan alle dagen in pear preamfol lade en nei hûs bringe. Dêr stie wol in dei as trije foar, leafst noch wat langer. Fol faasje der op ta. It gie dat it slydjage.

Mar om 'e middei hinne kaam yn it westen in wolkje opsetten. Earst as in mâns hân, hiel stadichoan grutter. It wie krek as fiede de wyn ek wat kâlder oan. In simmerbui, dy 't ynienen ûnferwachts de kop opstekke kin.

Der siet oars neat op as besykje sa hurd mooglik sa folle as koe it hea byinoar te krijen. Mear folk wie nedich. De boer nei it doarp. Hjir en dêr wist er noch ien dy 't helpe koe. Doe 't er dyen by del west hie, seach hy by de brêge noch in pear krinkjespuiers en dy iene, dy ferhippeling, dy 't er nea wer op syn hiem ha woe. Djip sykhelje en dochs mar freegje oft se de middei helpe woenen. Ien woe witte wat se fertsjinje koenen. De boer wie út 'e rie: elk fertsjinne in deihier. Mei dit folk derby nei it bûtlân. Hy hie tsjin de froulju sein, dat der iten en drinken komme moast en dat se har mar mei it melken rêde moasten, hy bleau ek yn it bûtlân.

It gie no hurd, en lokkich groeide it wolkje wol, mar net al te hurd. Foar melkerstiid kaam de faam mei iten en drinken en doe gau wer tapakke. Stadichoan wienen de sweeën yn wurdzen feroare en hjir en dêr stie al in rige oppers. Beide preammen waarden fol laden. Jûns let stuts in stadige kolonne op hûs oan, wurch mar tefreden. It hea stie yn oppers en in pear reaken. Thús gau de dekkleden oer it hea yn de preammen... doe klettere de rein derhinne.

Oare deis wie it wer in moaie simmerdei. De dei dêrnei ek, sa koe de haaiing syn gerak krije.

De tapassing wie amper nedich. As jo yn need sitte – freegje om help, ek oan minsken dy 't jo net lije meie. Faak falt it ta en komt der help wylst jo dy net ferwachten. As jo sa mei de minsken omgeane, hoefolle te mear sil ús leaven Hear jo net helpe as jo dat freegje. Hy hat it ús tasein en helpt op syn wize. It wie ûnder de preek brodzich waarm wurden yn de tsjerke, mar gjinien dy 't de kop der net by hie. De eigen taal, de eigen situaasje, men koe it him foarstelle. Soks barde geregeld, men hie der fan heard of it sels meimakke.

Sa'n preek is gjin "leerrede", mar in boadskip fan hert nei hert. Dêr moat gjin taalbarriêre tusken stean.

As dy preek yn it Hollânsk hâlden wie, hie ik it sechstich jier letter nea mear sa krekt witten. Us eigen taal is in rykdom en tagelyk in geef stik ark om It Boadskip oer te bringen.

Roel Falkena
De Gordyk